

Tess fan de D'Urbervilles

Kolofon

ISBN: 978 90 8954 226 7

1e druk 2010

Oarspronklike titel: *Tess of the d'Urbervilles*:

A Pure Woman Faithfully Presented, 1891.

Fryske oersetting © Geart fan der Mear, Midlaren, 2010

Eksimplaren binne te bestellen by de boekhannel
of rjochtstreeks by de útjouwerij:

Utjouwerij Elikser B.V.

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Postbus 2532

8901 AA Ljouwert

Til: 058-2894857

www.elikser.nl

Dizze utjefte waard mei mooglik makke troch de Douwe Kalma Stifting

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opsein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier
makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike
tastimming fan de einredakteur en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission
from the author and the publisher.

Tess fan de D'Urbervilles

Thomas Hardy

Oerset troch Geart fan der Mear

YNLIEDING

Thomas Hardy (1840 - 1928) is bij it grutte publyk yn Nederlân grif net sa bekend, en as men syn namme al ken, is dat grif troch de ferfilming of televyzjebewurking fan inkelde fan syn meast ferneamde boeken: *Tess of the D'Urbervilles* (1891) en *Jude the Obscure* (1896). Hardy, fan ienfâldich komôf, hie in oplieding as arsjitekt, en yn dy rol besocht er yn 1870 it doarpke St. Juliot yn Cornwall mei in âld en te restaurearjen tsjerkje, dêr't er yn de pastorij Emma Lavinia Gifford moete. It pear troude yn 1874, doe't Hardy al wat namme makke hie as romanskriuwer. Emma fûn eins dat se ûnder har stân trouw wie, en dat sil – nêst in feit dat der gjin bern kamen - ien fan de oarsaken west hawwe dat de twa, nei in lokkich begjin, fan elkoar begûnen te ferfrjemdzjen. Sij wegere ek om syn âlden te ûntfangen. De agnostikus Hardy hie in tige pessimistyske libbensfyzje en koe net letterlik yn de bibel leauwe (wat Emma trouwens ek net noaske), en dat brocht him gauris yn konflikt met de hearskjende Viktoariaanske moraal, mar syn boeken wienen tige populêr, en doe't yn de njoggentiger jierren de ferkeap sa goed rûn dat er maklik fan de royalties libje koe, hold Hardy op fan skriuwen – dat wol sizze fan proaza, want nuver genôch hold er net fan romanskriuwen. Syn hert lei bij de poëzij, mar hij koe yn syn jeugd syn fersen net útjûn krije. En sa barde it dat er, 58 jier âld, syn earste dichtbondel útjoech. Alles bijinoar hat er sa'n 1000 gedichten skreaun, mei in grut ferskaat oan fersfoarmen (mear as 700).

Hardy syn romans spylje allegear yn it lanlike súdwesten fan Ingelân, yn wat er 'Wessex' neamde, de namme fan it Angelsaksyske keninkryk fan foar de Normandyske ferovering fan 1066. Alle nammen fan dat gebiet binne ynsyn boeken optochte nammen foar werklik besteande plakken. *Tess of the d'Urbervilles: A Pure Woman Faithfully Presented* (sa likernôch oer te setten as *Tess fan de D'Urbervilles: In Suvere Frou Earlik Beskreaun* – syn op ien nei lêste roman) ferskynde yn boekfoarm yn 1891, neidat it earst swier 'fatsoenearre' yn ôfleveringen ferskynd wie yn it tydskrift

The Graphic. Dat Tess in bern krige sûnder trouw te wêzen koe it gefoelige Viktoriaanske moed blykber net ferneare, en dus moast it ferhaal yn *The Graphic*, wol tige tsjin it sin fan Hardy, yngripend oanpast wurde. It boek is ferskillende kearen suksesfol ferfilme, de bekendste sil wol dy fan Roman Polanski wêze, dy't fan 1979 is mei yn de haadrol Nastassja Kinski. It is ek op syn minst fjouwer kear bewurke as televysjesearje, bijgelyks noch yn 2008 op de BBC. It boek is fansels neffens de foarm 19-ieusk, mei syn wat wiidweidige ferteltrant, mar neffens tematyk fan alle tiden.

Tess Durbeyfield is bij it begjin fan it ferhaal in ienfâldich kreas famke fan 16 jier út in ienfâldich plattelânfermidden yn it súdwesten fan Ingelân. Mar al op de earste side fan it boek docht bliken dat har famylje eins oarspronklik D'Urberville hjit en ôfstamt fan ien fan de âldste aadlike famyljes fan Ingelân. Har mem stjoert har dan nei in oansjenlike famylje dy't ek de namme D'Urberville fiert, mei it doel om har sa mei in ryk hear trouwe te litten, omdat se fiere famylje binne. Dêr treft se Alec, waans heit (dy't bij it begjin fan it ferhaal al wei is) eins gewoan Stoke hjitte, in tige begoedige industrieel út it noarden fan Ingelân, mar dy't mei syn jild dy aadlike namme fan D'Urberville kocht hat. Hardy lit trochskimerje dat al dat jild miskien net hielendal earlik fertsjinne wie. Tess, in famke noch dat neat fan de wrâld wit, wurdt troch de rokkejeiende rikeljussoan Alec ferlieden en komt nei koarte tiid wer thús, en wol neat mear fan him witte. Twa jier letter (se hat dan ûndertusken in bern krigen en ek wer ferlern) giet se op 'e nij it hûs út en bestelt har as melkster op in pleats in ein fan har bertedoarp ôf. Se hopet dat de minsken dêr net har skiednis te witten komme. Dêr treft se de net tafallich Angel ('Ingel') hjittende Angel Clare, de dominyss oan dy't om syn problemen mei it leauwe fan syn heit net studearje mei. Hij wol grutboer wurde en rint no in soarte fan 'stage' op dy grutte pleats. Angel en Tess trouwe, nettsjinsteande it grutte stânsferskil, en foar de houliksnacht bychtet Angel har in seksueel avontuer op mei in oare frou, wat Tess him ferjout, mar as *sj* him dan fertelt fan Alec en it bern dat se fan him krigen hat, kin hij *har* dat

net ferjaan: wat de man Angel as fanselssprekkend ferjûn wurdt, ferjout er har nê, omdat se foar him fan har fuotstik fallen is as suver en ferheven ideaal. Angel ferlit Tess de dei dêrnei.

Tess har kreas gesicht en oanfallich figuer binne har needlottich yn de Viktoariaanske troch manlju oerhearske wrâld, dêr't se fergriemd wurdt tusken de twa kanten fan de Viktoriaanske moraal, dy't oan de iene kant de frou as (lust)objekt beskôget (de kant fan Alec) en oan de oare kant as wat ûnmooglik suvers en ferhevens (de kant fan Angel). Se is fansels gjinien fan beide, mar wurdt wól beoardiele neffens WA'T se yn de eagen fan de manlike taskôger is en net neffens WAT se werklik sels is en wêze wol. Sa't se sels sa likernôch seit: men moat mij net beoardielje neffens wat der tsjin myn sin mei mij dien is, mar neffens wat ik bin en sêls fan myn libben meitsje wollen hie, as ik dy kâns mar krigen hie.

It ferhaal is lykwols net sa swart-wyt as boppesteande suggerearje kin: Alec is net alhiel ferkeard en hij wol, op syn manier, Tess bêst helpe mei syn jild, mar sij wegert grutsk om syn help oan te nimmen, omdat sij net fan him hâldt en hij har noait echt sjocht as de persoan dy't sij werklik is: in frou en net syn besit, dêr't er mei syn jild de baas oer is. En Angel, yn ús moderne eagen in healwize dwaas, hat net alhiel ûngelyk yn syn frees dat hij en Tess troch de mienskip mei de nekke oansjoen en belekke wurde sille, mocht Tess har foarskiednis bekend wurde. Beide, Alec en Angel, sitte fêstrustke yn de Viktoariaanske moraal. Angel lykwols, komt nei in jier ta ynkear en wol mei har yn 't lyk komme, mar dan is it te let.

Opfallend is de dúdlik grutte sympaty dy't de agnostikus Hardy hat foar de heit en mem fan Angel, de âlde, ienfâldige en âlderwetske dominy Clare en syn frou: har kristlike neistenleafde en barmhertich begryp hienen Tess rêde kinnen. Ien fan de meast skrinende passaazjes is wol it pynlik mislearre besykjen fan Tess om yn har need kontakt te sykjen mei dy heit en mem. Tess lit har ôfskrikke troch de tafallich hearde wurden fan de broers fan Angel, twa arrogante en ôfstanlike mannen (in teolooch en in klassikus) sûnder ien sprút gefoel foar oaren, foaral net foar de 'boerefaam' Tess, dy't fier ûnder har eigen stân stiet.

It boek beskriuwt op ûnferjitlike wize it tradysjonele plattelân fan súdwestlik Ingelân fan likernôch 1860-70, mar sil foaral troch syn ûnferjitlike haadfiguer Tess sûnder mis ek de Fryske lêzer fan no djip yn it moed taaste. As symboal fan wat OAREN fine dat je binne en wêze moatte, is Tess fan alle tiden. It is Hardy doedestiids slim kwea ôf nommen, dat er it boek de ûndertitel meijoech fan *A PURE WOMAN FAITHFULLY PRESENTED*. Mar dat is se wól, mar dan as gewoan minske fan fleis en bloed, net as objekt of as ferheven ideaal.

Geart fan der Mear

EARSTE FAZE: IN FAMKE NOCH

I

Op in jûn yn de twadde helte fan maaie rûn der in man fan middelbere jierren nei hûs fan Shaston nei it doarpke Marlott, yn de neistlizzende Fallei fan Blakemore, of Blackmoor. De skonken dy't him droegen wienen wat gammel en bij it rinnen stoatskaafde hij wat nei lofts. Ut en troch knikte hij even wis, krekt as befêstige hij ien of oare miening, ek al tocht er nearne yn it bysûnder oan. In leech aaikuorke hong oan syn earm, de poal fan syn hoed wie wat robbelich, en oan de râne wie der in stikje ôfsliten, om't syn tomme bij it ôfsetten dêr hieltyd oerhinne wreau. Al gau kaam him in wat âldeftige dominy yn 'e mjitte op in grize merje, dy't al ridend wat flarden fan in deuntsje nûndere.

‘Goejûn,’ sei de man mei it kuorke.

‘Goejûn, Sir John,’ sei de dominy.

De kuierder die noch in stap twa, trije, stoppe doe, en draaide him om.

‘Dominy, as ik sa frij wêze mei, lêstdeis op de merkedei kamen wij inoar hjir ek om distiid tsjin, en ik sei “Goejûn”, en jo antwurden doe ek al “Goejûn, Sir John”.’

‘Dat is sa,’ sei de dominy.

‘En hast in moanne lyn, ek al ris.’

‘Koe wol.’

‘Mar no freegje ik jo: wêrom neame jo mij hieltyd “Sir John” as ik gewoan Jack Durbeyfield, de karrider, bin?’

De dominy kaam in pear stappen tichterbij.

‘Dat wie mar sa in opstiging,’ sei er, en doe wat wifkjend: ‘Dat komt fan in ûntdekking in skoftke lyn, wylst ik stambeammen neisneupte foar de nije skiednis fan dit greefskip. Ik bin dominy Tringham, de âldheidkundige, fan Stagfoot Lane. Witte jo eins wol, Durbeyfield, dat jo rjochtstreeks ôfstamme fan de âlde ridderfamylje fan de d’Urbervilles, dy’t de neiteam binne fan Sir Pagan d’Urberville, dy ferneamde ridder dy’t mei Willem de

Feroverer út Normandië kaam, sa't blykt út de argiven fan Battle Abbey?'

'Noch noait fan heard, dominy!'

'No, mar it is al sa. Stek jo kin ris omheech, dat ik jo gesicht better skôgje kin. Ja, dat binne de noas en it kin fan it d'Urbervilleskaai – mar wol wat minder suver. Jo foarâlder wie ien fan de tolve ridders, dy't de Hear fan Estramavilla yn Normandië bijstie bij de ferovering fan Glamorganshire. Tûken fan jim famylje besieten oeral hearlikheden yn dit part fan Ingelân; har nammen ferskine yn de saneamde Pipe Rolls út de tiid fan Kening Steffen. Under Kening Jan wie ien fan harren ryk genôch om in lângoed te skinken oan de Timpeliers; en yn de tiid fan Edward de Twadde is jo foarfaar Brian nei Westminster ûntbean om de Grutte Rie dêr bij te wenjen. Jim buorken wat achterút yn de tiid fan Oliver Cromwell, mar net al te bot, en ûnder Karel de Twadde binne jim Ridder makke fan de Keninklike Iik om jim trou. Jawis, der hawwe generaasjes fan Sir Johns yn jim famylje west, en as it ridderskip erflik west hie, lykas de titel fan baronet, sa't it suver altyd fanâlds wie, doe't manlju ridderslein waarden fan heit op soan, dan hienen jo Sir John west.'

'No moa' je ophâlde!'

'Om koart te gean,' besleat de dominy, wylst er tige beret mei syn swypke op syn skonk sloech, 'sa'n twadde famylje yn Ingelân bestiet der suver net.'

'Godskes noch ta, is dat werklik sa?' sei Durbeyfield. 'Dan te betinken dat ik hjir jierren lang mar wat omstrúnd en omhongen haw, as wie ik mar de ienfâldichste keardel fan it doarp... en hoelang is dat nijs oer mij bekend, Dominy Tringham?' Dominy Tringham ferklearre dat dat, foarsafier't er wist, finaal út it ûnthâld rekke wie en eins amper mear bekend wie. Syn eigen ûndersyk wie op in dei yn de maityd fan it jier dêrfoar begûn, doe't er bij it neisneupen fan de wederwarichheden fan de famylje d'Urberville de namme Durbeyfield op syn karre sjoen hie, en dêrnei ûndersyk dien hie oer syn heit en pake, oant der gjin twivel mear mooglik wie.

'Earst besleat ik om jo mar net mei sok nutteleas nijs lestich te fallen,' sei er. 'Mar soms binne opstigings sterker as it ferstân. Ik tocht dat jo miskien soks eins altyd al witten hienen.'

‘No ja, ik ha wolris heard dat myn famylje better tiden kend hie, foardat sij nei Blackmoor kamen. Mar ik sloech dêr gjin acht op, want ik tocht dat dat betsjutte dat wij earder twa hynders hienen en no mar ien. Ik ha ek noch in âld sulveren leppel en in âld gravearre segel thús; mar hearken, wat betsjutte in leppel en in segel? ... en dan te betinken dat ik en dy aadlike d’Urbervilles al dy tiid fan itselde bloed wienen. Der waard wol grute dat myn oerpake geheimen hie en net prate woe oer wêr’t er weikaam... en wêr rikket ús skoarstien no, dominy, as ik sa frij wêze mei, ik bedoel, wêr wenje de d’Urbervilles op ’t heden?’

‘Jimme wenje nearne, jim binne útstoarn – as aadlik geslacht dan.’

‘Dat is spitich.’

‘Ja – wat dy leageneftige famyljekroniken neame “útstoarn yn de manlike famyljetûke” – dat is te sizzen, ferdwûn, weiwurden.’

‘Wêr lizze wij dan?’

‘Yn Kingsbere-sub-Greenhill: hiele rigen fan jimme yn jimme grêfkelders, mei jim bylden ûnder moarmeren baldakinen.’

‘En wêr binne dan ús grutte famyljehuzen en landerijen?’

‘Dy ha jim net.’

‘Wat? Ek gjin lân?’

‘Neat, al hienen jim ienris lân bij de rûs, sa’t ik sei, want jim famylje bestie út ferskillende tûken. Yn dit greefskip stie der in grut hûs yn Kingsbere, en in oaren yn Sherton, en wer in oaren yn Millpond, en ek noch ien yn Lullstead, en dan noch ien yn Wellbridge.’

‘En wurdt dat oait wer fan ús?’

‘No – dat soe ’k net witte!’

‘En wat kin ik dêr oan feroarje, dominy?’ frege Durbeyfield even letter.

‘O – neat, neat; behalven jo treaste mei de gedachte, dat wa’t heech stiicht leech falle kin. It is allinne noch mar nijsgjirrich foar de pleatslike histoarikus en genealooch, dat is alles. Der binne ferskate famyljes ûnder de doarpsbewenners fan dit greefskip fan suver in selde heech komôf. Goejûn.’

‘Mar wolle jo net even mei mij werom om hjir in glês bier op te

drinken, dominy? Se taapje in aardich bierke yn De Suvere Drip – al is eins de herberge fan Rolliver noch better.’

‘Nee, tankjewol, Durbeyfield, jûn mar net. Jo ha jo taks al hân.’ En mei dy wurden ried de dominy fuort, wat twivelich oft er der wol ferstannich oan dien hie om syn frjemd nijs te fertellen.

Doe’t er fuort wie, rûn Durbeyfield yn djippe prakkesaasjes wei noch in pear stappen en gong doe yn it gers nêst de dyk sitten, mei de koer foar him. Efkes letter ferskynde der in jonge yn de fierte, dy’t deselde kant út rûn as Durbeyfield dien hie. Doe’t dy him seach, stiek er syn hân omheech en de jonge rûn wat hurder op him ôf.

‘Jongfeint, krij dy koer op! Ik wol dij om in boadskip stjoere.’

De meagere latte loek syn foarholle yn tearen. ‘Wa binne jo eins, John Durbeyfield, om mij opdrachten te jaan en mij “jongfeint” te neamen? Jo kenne myn namme likegoed as ik jowes!’

‘O ja, o ja? Hiest mar tocht – hiest mar tocht! Doch wat ik dij opdraach, en bring it boadskip oer dat ik dij opdraach ... no ja, Fred, ik kin dij ek wol sizze hoe’t it sit: ik bin fan in aadlik geslacht – dat haw ik fan ’e middei krekt ûntdutsen, om sa mar te sizzen.’ En wylst er dat ferkundige, line Durbeyfield achteroer en flijde him noflik langút yn de berm tusken de kowebloemkes. De jonge stie foar Durbeyfield en beseach him fan kop ta tean.

‘Sir John d’Urberville – dat bin ik,’ gong de langút lizzende man fierder. ‘Dat wol sizze, as ridders “baronet” wêze soenen – wat sa is. Dat stiet allegear yn de boeken oer mij. Kensto it plak dat men Kingsbere-sub-Greenhill neamt, jongfeint?’

‘Jawis, ik ha dêr wolris op de merke west.’

‘No, ûnder de tsjerke fan dy stêd lizze -’

‘Dat is gjin stêd, dat plak bedoel ik. Teminsten, net doe’t ik der wie – it wie mar sa’n foech gat fan twa suterige huzen en in skuorke.’

‘Jongkeardel, dat plak docht der net ta, dêr giet it no net oer. Under de tsjerke fan dat doarp dêre lizze myn foarâlden – bij boskjes – yn maljenkolders en mei juwielen, yn grutte leaden deadskisten dy’t tonnen en tonnen weage. Der is gjinien yn it

greeskip fan Súd-Wessex dy't foarnamer en aadliker bonkerakken yn syn famylje hat as ik.'

'O ja?'

'Krij no dy koer mar op en rin nei Marlott en ast bij herberge De Suvere Drip komst, sis dan dat se dalik in rydtúch mei in hynder derfoar stjoere moatte om mij nei hûs te bringen. En yn dat rydtúch moat in krûkje rum stean, dat se mar op myn rekken skriuwe moatte. En ast dat dien hast, moatst mei de koer nei myn hûs ta gean, en myn frou sizze om de wask oan kant te lizzen, want dat hoecht se net ôf te meitsjen, en dan moat se mar wachtsje oant ik thúskom, omdat ik nijs foar har haw.'

Wylst de jonge noch yn bestân stie, stiek Durbeyfield de hân yn de bûse en liet in shilling sjen, ien fan de pear dy't er oait sines neame koe.

'Sjoch jongfeint, foar de muoite.'

Dat feroare de ynskatting fan dy jongeman wat de sitewaasje oanbelange.

'Komt yn oarder, Sir John. Tankjewol. Kin ik noch wat oars foar jo dwaan, Sir John?'

'Sis thús even wat ik ite wol jûn – in lammebout, as it mooglik is; sa net, bloedwoarst; en as se dat net krije kinne, dan mar bargeguod.'

'Goed, Sir John.'

De jonge griep de koer, en wylst er op paad gong klonk der muzyk fan in korps út it doarp wei.

'Wat is dat?' sei Durbeyfield. 'Doch net foar mij?'

'It is hjoed de optocht fan de frouljusklup, Sir John. Jo dochter is ek ien fan de leden.'

'O ja, fansels. Dat wie mij finaal fergetten, om't ik oan hegere dingen tocht! No ja, draaf gau nei Marlott, wolste, en stjoer dat rydtúch, dan ryd ik der miskien hinne om dy klup te besjen.'

De jonge gong fuort, en Durbeyfield lei dêr yn it gers en de koweblomkes te wachtsjen yn de jûnsinne. Lange tiid kaam der gjin libbene siel foarbij en de swakke toanen fan it korps wienen de iennige minsklike lûden dy't men hearde tusken de blauwe heuvels om him hinne.

II

It doarpke Marlott lei tusken de noardeastlike weagjende heuvels fan de prachtige Fallei fan it niisneamde Blackmoor, in beskûle en ienlike streek, noch net troch toeristen of lânskipsskilders trochkrúst, al lei it op noch gjin fjouwer oeren reizgjen fan Londen ôf.

It is in fallei dy't men it bêst kennen leart fan de hichten der omhinne – behalve miskien yn droege simmers. Bij in swalktocht nei alle hernen dêrfan bij min waar kriget men gau syn nocht, fanwege de smelle, bochtige en slikerige dykjes.

Dit fruchtber en beskutte gebiet, dêr't de ikkers noait brún wurde en de putten noait opdroegje, wurdt yn it suden begrinzge troch de steile kalkheuvels, dy't as in earm om de útstekkende hichten fan Hambledon Hill, Bulbarrow, Nettlecombe-Tout, Dogbury, High Stoy en Bubb Down lizze. De reizger fan de kust ôf, dy't sa'n tritich kilometer nei it noarden wâde hat oer kalkeftige hichten en boulannen, komt dan hommels bij de râne fan ien fan dy steilten, en wurdt dan plezierich ferrast as er, as in lânkaart foar him, in streek sjocht dy't hûndert persint ferskilt fan dy dêr't er trochkommen is. Achter him kin men frij oer de heuvels sjen, de sinne skynt fel op ikkers, dy't sa grut binne dat se it lânskip in iepen karakter jouwe, de lândykjes binne wyt, de hagen leech fan yninoar frissele tûken, de sfear is kleurleas. Hjir, yn it dal, liket de wrâld makke te wêzen op in lytsere en finere skaal; de stikjes lân binne net grutter as bleekjes, fan dizze hichte sa ferlytse dat de hagen dêre in netwurk fan donkere triedsjes lykje oer it ljochtere grien fan it gers hinne. De sfear dêr yn de fallei is loom, en sa blau tinte, dat wat de skilders it "middenplan" neame dy kleur ek kriget, wylst de kym fan djip lazuerblau is. Boulân is der net folle, mar op in inkelde útsûndering nei is it útsicht in wide romte fan rûnom gers en beammen, dy't de lytsere heuveltsjes en lichten bemantelje yn de gruttere dêromhinne. Dat is de Fallei fan Blackmoor.

De streek is likefolle fan histoarysk as fan topografysk belang. Yn earder tiden wie de fallei bekend as it Wâld fan it Wite Hart,

neffens in kurieuze leginde út de tiid fan Kening Hindrik III, doe't it deasjitten fan in prachtich wyt hart, troch in sekere Thomas de la Lynd, troch de kening opjage mar sparre, oanlieding west hie foar in swiere boete. Yn dy dagen, en noch net iens sa lang lyn, wie it lân ticht beboske. Sels no noch kin men spoaren fan dy âlde tastân fine yn de âlde ikeboskjes en rûge beamwâlen, dy't noch op de skeanten te finen binne, en de holle beammen dy't safolle greidlannen oerskaadze.

Dy wâlden binne der net mear, mar guon âlde gewoanten út har skaden libje noch troch. In protte lykwols besteane inkeld noch yn omfoarme of fermomme foarm. Sa koe men de Maaiedûns dy bewuste middei meimeitsje yn de fermomming fan in klupfeestje, of 'klupoptocht', sa't it dêr neamd waard.

Foar de jongere bewenners fan Marlott wie it in nijsgjirrich barren, al seagen de dielnimmers oan dy seremoanje it aparte dêrfan net echt. Dat aparte wie minder it behâld fan in gebrûk om alle jierren yn prosesje te rinnen en te dûnsjen, as wol it feit dat de leden inkeld froulju wienen. Bij manljusklups wienen sokke feesten, hoewol't dy ek al ferdwûnen, minder ûngewoan; mar ôf de natuerlike ferlegenens fan it sêftere geslacht ôf in sarkastyske hâlding fan de manlike famyljeleden hie de frouljusklups dy't der noch wienen, berôve fan dy gloarje en dat hichtepunt. Allinne de klup fan Marlott hold it pleatslike maitydsfeest yn eare. Dat hienen se al hûnderten jierren dien, as it al net wie om jild yn te sammeljen, dan seker as in soarte fan frouljusklup, en se rûnen noch alle jierren.

De froulju dy't yn de ploech meirûnen hienen allegearre in wite japon oan – in fleurich oerbliuwsel út de âlde tiden, doe't wille en maitydsfeesten itselde betsjutten - dagen foardat de gewoante om de saken op langere termyn te besjen de emoasjes reducearre hie ta in ientoanige trochsneed. Sij lieten harsels earst sjen yn in prosesje-optocht fan twa bij twa it doarp troch. Ideaal en werklikheid flokten wat, doe't de sinne har figueren opljochte tsjin de griene hagen en de mei klimmer begroeide gevels; want, al droech it hiele stel wite klean, der wienen gjin twa witen gelyk. Guon kamen tichtbij it echte wyt, oaren skynden wat út

in blauwens; wer oaren, fan de wat âldere persoanen (dy hienen faaks mannich jier opteard yn de kast lein) hienen wat in lykeftige kleur, en wienen fan moade tige âldfrinzich.

Behalve op te fallen troch in wite japon, droech elke frou en jongfaam yn de rjochterhân in skylde wylgetûke, en yn de lofter in boskje wite blommen. It skilen fan de earste, en de kar fan it twadde wie mei persoanlike tawijing dien. Der wienen inkelde froulju fan middelbere leeftyd en sels in pear al op jierren yn de optocht; har sulverich-stiif hier en ronfelige gesichten, tekene troch tiid en soarch, soargen foar in grotesk, ja sels patetysk, aksint bij dy eptige gelegenheid. Faaks koe men, mear noch as oer har jonge freondinnen - as men goed seach - mear helje út, en fertelle oer, elk fan dy gesichten fol noed en ûnderfining, wêrfoar't de jierren net mear fierôf wienen dat se sizze soenen: "ik ha der gjin nocht mear oan". Mar lit ús de âlderein hjir oerslaan foar dyjingen ûnder waans klean it libben fûl en waarm sloech.

Want de jonge famkes foarmen de mearderheid yn dy ploech, en har hollen mei wielderige bosken hier wjerkeatsten yn it sinneljocht alle skakearringen goud, swart en brún. Guon hienen moaie eagen, oaren in moaie noas, wer oaren in moaie mûle en figuer: mar inkelden hiene it allegearre. De swierrichheid om har lippen samar yn it iepenbier te toanen oan it folk, it ûnfermogen om de holle rjochtop te hâlden, en om de ferlegenens te bannen út har manier fan sjen, wienen dúdlik, en bewiisden dat it echte fammen fan it plattelân wienen, net wend oan in protte eagen.

En sa't elk fan harren waarme waard troch de sinne fan bûten, sa hie elk in priveesintsje, dêr't sij har siele yn koesterje koe; in dream, tagedienens foar immen, in hobby, op syn minst de hoop op wat dat fierôf wie, dy't, ek al wie dy al hast hielendal ferflein, doch noch libbe, sa't hoop eigen is. Sij hienen allegearre in goed sin, en in soad fan harren wienen fleurich. Se kamen bij De Suvere Drip lâns en sloegen doe ôf fan de grutte dyk om troch in hikke de mieden yn te gean, doe't ien fan de froulju sei: 'Krimmenikes, Tess Durbeyfield, sjoch dêr ris! As dat jim heit net is yn in rydtúch op wei nei hûs!'

In jong lid fan de optocht draaide har bij dy útrop om. It wie in

lichtliddich en kreas famke – net kreazer as guon oaren miskien – mar har beweechlike pioenreade mûle en grutte ûnskuldige eagen lieten kleur en foarm namste mear sprekke. Se droech in read lint yn it hier, en wie de iennige yn dat wite selskip dy't har beromje koe op sok in opfallende fersiering. Doe't se omseach, ried Durbeyfield de dyk lâns yn in sjeas fan De Suvere Drip, mend troch in kroeshierich gewant frommeske mei de mouwen opstrûpt boppe de earmtakken. Dat wie de montere faam fan dat etablissemint dy't, yn har rol fan boantsjelap, soms de rol fan hynstefeint spile.

Achtertoerhingjend en mei de eagen noflik ticht, swaaide Durbeyfield de hân boppe de holle en song yn in stadich resitatyf: 'Ik haw in grut famyljegrêf yn Kingsbere – en riddere foarâlden yn leaden kisten dêr.'

Der waard wat gniisd, behalve troch it famke dat Tess hiet – dy't stadichoan in kaam like te krijen bij it gefoel dat har heit him yn har eagen healwiis oanstelde.

'Hij is wurch, oars net,' sei se hastich, 'en hij hat in lift nei hûs ta krigen omdat ús eigen hynder hjoed útrêste moat.'

'Dobist watalte goedleauwich, Tess,' seinen harkammeraatskes. 'Hij is oansketten. Ha ha!'

'Ja no, as jim de gek mei him hawwe, dan gean ik op slach fuort!' rôp Tess, en de kleur op har wangen rûn no ek oer har gesicht en hals. Har eagen skeaten fol triennen en se sloech de eagen del. Beseffend dat sij har echt kwetst hienen, holden se har stil, en it waard wer rêstich. Tess wie te grutsk om de holle wer om te draaien om te sjen wat har heit bedoelde, as er al in bedoeling hie; en dêrom rûn se troch mei de oaren nei de doarpspôle, dêr't dûnse wurde soe. Doe't se dêr oankamen, hie se har lykmoedigens wer werom, en se tikke har buorfrou mei har wylgetûkje en prate as gewoanlik.

Tess Durbeyfield wie op dat stuit fan har libben in fetfol noch net troch ûnderfining ynkleure emoasjes. Nettsjinsteande de doarpskoalle, hie har taal noch wat fan it dialekt, mei dy sa streekeigen wûndere R, dy't nearne oars sa te hearren is. Har reade mûle, mei de troch dy R tuitsjende lippen, hie noch amper

syn definitive foarm oannommen, en it wie in oanwenst fan de ûnderlippe om de midden fan de boppelippe omheech te triuwen, as se wat sein hie.

Se hie noch altyd wat bernliks oer har. Sa't se hjoed rûn, koe men, nettsjinsteande har libbene kreaze froulikheid, soms yn har wangen noch wat fan har tolfde jier sjen, of har njoggende yn it skitterjen fan har eagen; en oer de rûningen fan har mûle glied út en troch sels in skym fan har fyfde.

Mar inkelden wisten dat, en suver gjinien sloech dêr goed acht op. In lytse minderheid, benammen frjemden, seagen har lang nei as se tafallich lâns kamen, in skoftke fassinearre troch har frisheid, wylst se har ôffregen oft se har oait wer sjen soenen. Mar foar hast elkenien wie se in kreas en pittoresk doarpsfamke, en mear net.

Fan Durbeyfield waard fierder neat mear heard of sjoen yn syn troch de stâlfaam bestjoerde segewein, en doe't de klup op it tawiisd plak oanlâne wie, begûn it dûnsjen. Om't der noch gjin manlju yn it selskip wienen, dûnsen de fammen earst mei-inoar, mar doe't it tiid waard om mei it wurk op te hâlden, sammelen de manlike bewenners fan it doarp har om dat plak hinne, mei noch oare omstippers en tafallich lânsrinnende lju, en liken oanstriid te krijen om in partner te freegjen.

Under dy taskôgers wienen trije jongfeinten út de hegerein, mei lytse rêchsekjes oer it skouder, en mei stevige gongelstokken yn de hân. Om't se opinoar liken en elkoar yn âldens opfolgen, soe men opmeitsje kinnen hawwe dat se faaks bruorren wienen, wat se dan ek wienen. De âldste droech it wite boardsje, it hege festje en de smelrânige hoed fan in helppryster; de twadde wie in trochsneed studint; it uterlik fan de tredde en jongste soe amper genôch west hawwe om him te typearjen. Eachopslach en klaaiïng toanden him as in noch frij persoan sûnder biningen, dêr't men út opmeitsje koe dat hij noch amper wist wat er letter fan berop wurde moast. It iennige dat men fan him sizze kinnen hie, wie dat er losjeswei pielde mei wat stúdzje.

De trije bruorren seinen tsjin tafallige kunde dat se har pinksterfakânsje trochbrochten troch in kuiertocht troch de Fallei

fan Blackmoor te meitsjen, en dat se yn súdwestlike rjochting rûnen fan it stedsje Shaston yn it noardeasten. Se hongen oer de hikke bij de grutte dyk, en fregen nei de betsjutting fan it dûnsjen en de wite japonnen fan de fammen. De twa âldsten wienen dúdlik net fan doel om dêr lang om te hingjen, mar it skouspul fan in ploech dûnsjende fammen sûnder manlike partners like de tredde sa te amusearjen, dat er gjin haast hie om fierder. Hij liet de rêchsek fan it skouder gliidzje, en sette dy, mei syn stok, yn it gers bij de hage del, en treau doe de hikke iepen.

‘Wat silsto no, Angel?’ sei de âldste.

‘Ik ha sin om even in gokje bij har te weagjen. Wêrom dogge wij dat allegear net – even mar – it hoecht net lang te duorjen.’

‘Nee, nee; ûnsin!’ sei de earste. ‘Yn it iepenbier dûnsje mei in stel boere-spring-yn-’t-fjilden – stel dat se ús sjogge! Kom mei, oars is it al tsjuster foar’t we bij Stourcastle binne, en tichterbij is der gjin oar plak dêr’t wij sliepe kinne; boppedat, we moatte ús noch troch in haadstik fan *In wjerwurd tsjin it agnostisisme* hinne wurkje, foardat we op bêd geane, no’t ik de muoite nommen haw om it boek mei te nimmen.’

‘Goed, ik helje dij en Cuthbert oer fiif minuten wol yn; rin mar troch; dat beloof ik, Felix.’

De twa âldsten lieten him mei tsjinsin achter en rûnen troch, wylst se de rêchsek fan har broer meinamen om him it ynheljen makliker te meitsjen. De jongste rûn doe de pôle op,

‘Dat is wol alderraarste spitich,’ sei er, doe’t it dûnsjen even stoppe, hoflik tsjin in pear fan de fammen dy’t it tichtst bij him stienen. ‘Wêr binne jim partners, leave famkes?’

‘Dy binne noch oan it wurk,’ sei ien fan de frijsten. ‘Dy komme aanst direkt wol. Wolle jo miskien meidwaan, menear?’

‘Wiswol, mar wat is mar ien man yn sa’n grutte ploech?’

‘Better as gjinien. Der is net folle aardichheid oan om mei ien fan dyn eigen soort om te hippen, sûnder inoar wat te knipen en te tútsjen. Kies mar.’

‘Sst – net sa frij!’ sei in bleuer famke.

De jongfeint seach bij dy útnoeging it spul ris oan en besocht in kar te meitsjen; mar om’t dy hiele ploech nij wie foar him, slagge

dat net sa goed. Hij keas suver de earste de bêste, wat net de foarige sprekster wie, sa't dy ferwachte hie; ek Tess Durbeyfield keas hij net út. Stambeam, foarâlderlike skeletten, famyljemonuminten, de trekken fan de d'Urbervilles stienen Tess noch net bij yn har libbensstriid; sels bij it oanlûken fan in dûnspartner hie se neat foar op de alderienfâldichste boerefammen. Normandysk bloed sûnder de stipe fan grou Fiktoriaansk jild hie neat om 't liif.

De namme fan it famke, dat dy eare krige, wat dy ek mar wie, is net bekend; mar elk wie oergeunstich op har, as de earste dy't dy jûn de wille smeitsje mocht fan in manlike partner. Mar de macht fan it foarbyld wie sa sterk dat de doarpsjonges, dy't net sa hastich west hienen om de hikke troch te stappen doe't noch gjin ynkringer har yn de wei stie, har der no hastich bijjoegen en al gau wienen fierwei de measte dûnspearen foarsjoen fan boerefeinten, oant op 't lêst de meast ûnkreaze frou fan de klup net langer mear twongen wie om bij de dûnsfigueren de rol fan man te spyljen.

De toersklok sloech, doe't de studint ynienen sei dat er fuort moast – de tiid wie him ûntkommen – hij moast him bij syn maten foegje. Doe't er út de rige stapte, foel syn each op Tess Durbeyfield, waans eigen grutte eagen, om de wierheid mar te sizzen, wat ferwitend stienen dat er har net keazen hie. It spiet him doe ek dat er har, troch har beskiedenens, net sjoen hie; en hij stoep de pôle ôf mei dat yn gedachten. Fanwege syn lang opûnthâld begûn er hastich de dyk nei it westen ôf te trêdzjen, en wie al gau it leechste punt foarbij en op de folgjende hichte oanlâne. Hij hie syn bruorren noch net ynhelle, mar hij stoppe even om te bekommen en seach doe achterom. Hij seach de wite foarmen fan de fammen op it griene iepen plak rûnmeallen krekt sa't se dien hienen doe't hij der noch bij wie. Se liken him al hielendal fergetten te wêzen.

Allegearre, behalve miskien ien. Dy wite foarm stie wat apart en allinne bij de hage. Fan syn plak ôf wist er dat it it kreaze famke wie dêr't er net mei dûnse hie. Hoe ûnbelangryk oft it ek wie, hij fielde doch ynstinktyf dat se kwetst wie troch syn fersom. Hij winske dat er har frege hie; hij winske dat er nei har namme ynformearre hie. Se wie sa beskieden, hie sa'n sprekking gesicht,